

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 42 Reglemint fan Oarder 2021**

Rjochte oan DS / lid DS	Douwstra / Poepjes Underwerp: No en Moarn - koroanastipe lytse maatskiplike inisjativen 500-euro
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 10 desimber 2021 hawwe jo ús berjochte oer de fuortgong fan de maatregels yn it koroana-stipepakket No en Moarn (1).</p> <p>Dêrút docht ûnder oaren bliken dat it budzjet fan de stiperegeling fan '500 euro projekten' (oardel ton) skjin opbrûkt is. Dy regeling wie tige suksesfol foar lytse maatskiplike inisjativen. Dat kaam mei troch de lege drompel en it ûnburokratyske karakter. Op oare ûnderdielen fan it 'No en Moarn'-pakket is der lykwols jild oer.</p> <p>Jo skriuwe dat jo op ûnderdielen besjogge hoe't ferskate No en Moarn regelingen yn 2022 fuortset wurde kinne. Bygelyks de Subsidierегeling 'Verblijf en groepsexkursie 2021' stelle jo wer iepen oant 1 april 2022.</p> <p><i>(1) DS brief Update voortgang maatregelen No en Moarn pakket november 2021, kenmerk 01934270</i></p>
Fraach / fragen	<p>1. Binne jo ree om it oerskot fan al earmearke No en Moarn-jild yn 2022 op'e nij yn te setten foar de '500-euro inisjativen' en de besteande regeling dêrta wer te aktivearjen?</p> <p>2. Wolle jo PS uterlik by de evaluaasje july 2022, of safolste earder as mooglik, berjochtsje oer jo aksjes en resultaten hjirmei?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Gerben van der Mei
---------------	--

Datum	19 jannewaris 2022
-------	--------------------